

Magnetisearjen middel moat 25% reduksje jaan.

De Ierske ambassadeur John Nearey besocht tongersdei it bedriuw fan maatskip Schuiling yn Minnertsgea. It Ierske bedriuw Agricultural Magnetics (AML) trape dêr ôf foar in praktykproef mei in nije spuittechnyk dy't 25% middelreduksje opleverje moat. AML hat in fertsjintwurdiging yn Nederlân.

Wat hâldt de technyk yn?

AML ûntwikkele in metoade om gewaaksbeskermingsmiddels te magnetisearjen. De handelsnamme foar dizze metoade is Maggrow. Troch de tapassing fan Maggrow hechtsje drippen fan in middel better oan de planten. Der docht him minder drift foar en de drippen binne lytser, wêrtroch der minder middel nedich is. It magnetisearjen soarget foar it bettere hechtsjen. De totale reduksje leit wis op 25%.

Wêr blykt dat út?

It ôfrûne jier binne deeglike ûnôfhinklike proeven útfierd troch PPO yn Lelystêd en Proeftuin Zwaagdijk. De ûndersikers mochten sels de proef útsette, AML hat him dêr net mei bemuid. Ut de proeven kaam it resultaat fan 25% reduksje by behâld fan opbringst nei foaren. Earder kamen út testen by de Universiteit fan Florida noch bettere resultaten nei foaren. Dy testen wiisden sels opbringstferheging út.

Hoe wurket it yn de praktyk?

Op de spuitboom wurdt in boks montearre. Dêrby wurde by de koppelstikken en foar de spuitdoppen magneten pleatst. De floeistof giet gewoan troch de spuit hinne en wurdt bewurke. Wannear it produkt praktykryp is, wurdt de montazje dien troch Wiersma Agriworks.

Wat foar proeven wurde der dien by Schuiling?

By Schuiling test AML ynkoarten de technyk by it spuitsjen fan poatierappels. Dêrneist test AML ek op praktykbedriuwen fan Klaas Rienks yn Waaksens en de firma Wiersma yn Brantgum. Dat gebeurt neist ierappels yn de weet, sipels en sûkerbiteteelt.

Ek de wittenskiplike proeven by PPO en Zwaagdijk krije in ferfolch. Ien jier ûndersyk is net genôch. Dêrneist is de University of Dublin yn 2014 begûn mei in proef, lykas it Ingelske wittenskiplik ûndersykynstitút Harper Adams.

Wannear is it produkt praktykryp en wat sil it kostje?

AML hopet en ferwachtet it produkt it kommende jier op'e merk te bringen, foar groeiseizoen 2016. Der binne gesprekken mei ferskillende leveransiers fan spuitbomen. Se ha ynteresse foar it produkt. Wat it kostje sil, is noch net bekend. Mar as jo rekkenje dat in gemiddelde bouboer elk jier sa'n 30.000 euro oan middels útjout, dan is it realisearjen fan 25% reduksje de muoite wurdich.